



# Frîske sang : ny lieteboek mei fjirtigh sangen

<https://hdl.handle.net/1874/235367>

# FRISKE SANG.

## NY LIETEBOEK

mei fjirtich Sangen

F E N

## WALING DYKSTRA.

Mei de Sangwisen op twa Stimmen.



*Oarde Printinge*


To FREANTSJER BY

F. A. BOSMAN.

1875.

mm 12302

Z. oct.  
3143



RIJKSUNIVERSITEIT UTRECHT



0588 2802

Z 8° 3143

# FRISKE SANG.

## NY LIETEBOEK

Mei fjirtich Sangen

FEN

## WALING DYKSTRA.

*Mei de Sangwisen op twa stemmen.*



*Oarde Printinge*



To Freantsjer, by  
F. A. BOSMAN.  
1875.



Wo man singet, lass dich ruhig nieder,  
Ohne Furcht, was man im Lande glaubt.  
Wo man singet wird kein Mensch beraubt.  
Böse Menschen haben keine Lieder.

SEUME.

## FOARWIRD.

---

It sa ûndildlike as flauhertige forwît, dat men it petear fen  
ûs alde friske tonge mei nen letterkreft, nei 't libben skilder-  
jende útbieldsje scoe kenne, hie foar great twahûnderd jier ûs  
master Gisbert Japiks al oerlang sa libben rekke, dat hy  
dertröch oanfitere waerd om de penne mielje to litten oer 't  
kladpompier, om to ûndertaestjen of men ûs skiere wirden net  
in letters en ûs griis kalt in mjittefersen biknetterjende fatsoe-  
nearje koe: — dat men him tabiet ûnmogelik to wesen.

Dat men de friske tael net mei letters skrjuwe ken, hab ik  
yet wol ris fen friske boereljue folhalden heard. De measte  
Friesen scille 't nou dôch better witte, scoe 'k tinke.

Mar nou ken men yette sidsen hearre: de friske tael doocht  
net for sang. Dat klinkt ek al frjemd, noi dat EELTJE HAL-  
BERTSMA, "J. G. VAN BLOM en mear oaren it tsjinndeel klear  
enoch biwiisd habbe, tröch sangen oan it friske folk to jaen,  
dy 't algemein bikend wirden benne on yet fölle songen wirde.

Fen in oare kant wirdt der sein: it friske folk scoe wol mear frisk sjonge, as 't mar mear sangen hie op bihagelike en bikende wizen. Dat klinkt better. En dat het de útjower en my oanfitere om in ny Lieteboek ré to meitsen mei sangkjes op bikende wizen. Ja, mar as ik nou al boppe in stikje set, by foarbielde mar: wize fen „*Ach meisjelief waar schreit gij om,*” denken ik wol miene dat dat in algemien bekende wize is, en doch scil yet mannichien it boekje in 'e hannen krye kenne; dy 't sa'n wize net ken, mar wol kenne scoe wolle. Derom achten wy 't nedich om boppe de sangen de wizen to setten op noten. Dy 't net op noten sjonge ken, mat de wizen sjen to learen fen ien dy 't dat wol ken. Yette better is 't, dat er 't sjongen op noten ek mar sjucht to learen; hwent it bljuwt mar wier; dy 't himsels kitelje ken, dy ken laitse honear 't er wol.

Wy achtsje ûs forplichte hjir iepentlik tank to sidzen aan de hearen, dy 't ûs fry jown habbe om dit en dat oer to nimen, dat wy súnder dy tastemming net oernimme mochten.

En as 't nou wêse mei, dat disse sangkjes ridlik by 't friske folk in 'e smaek falle, den ken 't best wêze, dat wy letter wol ris wer mei sa'n boekjefol foar 't ljocht komme.

## INHALD.

ELEDS:

Kenst dou it lan? — Wize. <i>Kennt ihr das Land so wunderschön.</i>	1.
Sangkje fen in ald boer. — Wize: <i>Toen Pierlala lag in de kist.</i>	3.
Altiid wille. — Wize <i>Altijd vrolijk altijd lustig.</i>	6.
Ald en ny. — Wize: <i>Laatst kwam er een meisje van Schevening aan.</i>	8.
Simmermoarn, — <i>Bikende Wize.</i>	10.
It Pipke — Wize: <i>Schilder ik wou mij zelf eens zien.</i>	12.
Net to keken. — Wize: <i>Kolijn een brave boerenzoon.</i>	14.
Pas op. — Wize: <i>Wie praat aan 't hoofd der heldenstoet.</i>	16.
Jan en Griet. — Wize: <i>De wereld is in rep en roer.</i>	17
Wes wol to moed. — De selde wize der 't ek op songen wirdt:  <i>In it litse dorp Terkaple</i>	22
Oeräl thûs. — Wize: <i>Ach, wat zou de wereld wezen.</i>	24
Jûn. — <i>Nye wize</i>	26
Sang. — Wize: <i>Ohne Sang und ohne klang</i>	27
De Takomst. — Wize: <i>De grijze winter is wel koud.</i>	29
Tsjerk Hiddes. — Wize: <i>Eens werd er aan de Zeeuwsche kust</i>	30
Nearne allenne. — Wize: <i>Einsam bin ich nicht alleine</i>	33
Thûs best. — <i>Eigen wize</i>	34
Greate Pier. — Wize: <i>Heb je van de zilveren vloot wel gehoord</i>	36
Widsesang. — Wize: <i>Men lei weleer, Mij jong en teér</i>	39
De Kikkert. — <i>Eigen wize</i>	41
De Boerestan. — Wize: <i>Ferme jongens, stoere knapen</i>	43

By 't meltsen Moarns — Wize · <i>Wenn ich mich nach der Heimath sehn'</i>	45
De alte Friesen. — Wize: <i>Denkst du daran, sprach letzt ein alter krieger</i>	47
In Frjûn. — Wize: <i>Ein getreues Herze wissen</i>	49
De rikate Foarst. — Wize: <i>Preisend mit viel schönen Reden</i>	51
Wes tofreden. — <i>Bikende folks-wize</i>	53
De Boer en sîn Soan. — Wize: <i>Ach meisjelief waar schreit gij om</i>	55
Mîn Tsjamke. — <i>Folkswize</i>	57
Weamoed. — <i>Alde wize</i>	59
De Stanfries. — Wize: <i>O schitt'rende kleuren van Nederlands vlag</i>	61
De Deaklok. — Wize: <i>Kom volkje, koop van mij</i>	63
Sangkje for frygesellen. — Wize: <i>Der Pabst lebt herrlich in die Welt</i>	65
Liet ta lof fen Frîslan. — Wize: <i>O Holland schoon gij leeft in vreeé</i>	66
De sike Mem. — Wize: <i>Aan d'oever van een snellen vliet</i>	68
Selskips-liet. — Wize: <i>Vaarwel, liefste bruidje, de vreugd van mijn leven</i>	70
Winterjûn. — Wize: <i>Van alle landen op deez' aard</i>	72
Fredesang. — Wize: <i>Hoe zoet is 't waar de vriendschap woont</i>	74
Simmersangkje for de Bern — Wize: <i>Wat zijn wij blij, wat zijn wij blij</i>	76
Memmeljeafde. — Wize: <i>Lieve schipper, vaar mij over</i>	78
By 't skieden fen in Selskip. — Wize: <i>De jagers in het veld</i>	79

---



## FOR BETTERINGEN.

Bleds. 17, rige 3, de 3e miet, de 2e noat stiet  lês .

„ 17, „ 3, „ 3e „ „ 4e „ „ f „ f.

„ 30, de 11e miet, de 3e noat, stiet  lês .

„ 31, de 2 rige de 3<sup>de</sup> miet stiet  lês 

„ 31, „ 3 „ „ 1e „ „  lês 

„ 39, rige 2, stiet: *Net to liid*, lês *Net to hird*.

„ 43, „ 2, „ *Flink op en net to hird* lês *Flink op,*  
*mar net to hird.*

„ 47, „ 10e miet, de 6e noat stiet:  lês   

# Kenst dou it lân?

*Stadich aan.*

H. G. Nägeli.

mf

Kenst dou dat goe - de bes - te lan, Der 't

The musical score consists of two staves. The top staff starts with a treble clef, a key signature of one sharp, and a common time signature. The bottom staff starts with a bass clef, a key signature of one sharp, and a common time signature. The vocal line begins with "Kenst dou dat goe - de". The piano accompaniment consists of eighth-note chords.

koal-sied bloeit en noat en flaechs; Der bök - weit blom - ket

The vocal line continues with "koal-sied bloeit en noat en flaechs; Der bök - weit blom - ket". The piano accompaniment continues with eighth-note chords.

cres.

op it lan; Der by - en hun - ing siik - je - - en

The vocal line continues with "op it lan; Der by - en hun - ing siik - je - - en". The piano accompaniment continues with eighth-note chords. The dynamic marking "cres." (crescendo) is placed above the piano part.

p f

waechs? Ik ken dat goe - de lan, ja wis! Ik

The vocal line continues with "waechs? Ik ken dat goe - de lan, ja wis! Ik". The piano accompaniment continues with eighth-note chords. The dynamic marking "p f" (pianissimo to forte) is placed above the piano part.

wit wol dat it Fris - lan is.

The vocal line concludes with "wit wol dat it Fris - lan is.". The piano accompaniment continues with eighth-note chords.

## 2.

Kenst dou it lân mei tierich fê,  
 Der 't simmerdei de kleare locht  
 Him speeglje ken ïn mar en sé,  
 Der 't me altiid skippen sîlen sjucht?  
 Ik ken dat rike lân, ja wis!  
 Ik wit wol dat it Frîslan is.

## 3.

Kenst dou it lan, der 't elk oprjucht  
 Stiet by sîn wird as man fen ear,  
 For oare mensken greach hwet döcht,  
 En earmoeds lesten giet to kear?  
 Ik ken dat flinke lan, jawis!  
 Ik wit wol dat it Frîslan is.

## 4.

Kenst dou it lan, sa fry as ald,  
 Dat ienkear great en römrík wier,  
 Dat yet de sprake ïn eare haldt,  
 De spraek fen tred'el tûsen jier?  
 Ik ken dat drege lan, jawis!  
 Ik wit wol dat it Frîslan is.

## 5.

Jawol! dat lan is flink en goed;  
 It libbet hjir sa rûm, sa best.  
 Hald derom, Fries fen 't echte bloed,  
 Oan eigen tael en seden fest,  
 En wes der altiid mei in 't skik,  
 Datst sidse kenste; in Fries ben ik.

---

# Sangkje ten in ald Boer.

In jong en lödd'rich boe - re - faem Dy  
 troud' in al - de boer. Hwet jon-ger hie se  
 ljeaver naem, Mar 'tjild hie se - op 'e loer. Hja  
 seach him graech it fjild út tsjen, Mar mocht net graech him  
 kommen sjen. Hja wier de-ald ke - rel ba, ja ja! Hja  
 wier d'ald ke - rel ba.

## 2.

Hy râkte gau der lonte fan.

Hy wier net dom, dy boer!

As ik it wol ha, tocht de man,

Den het it wiif my oer.

'k Scil beare da'k nei 't lan ta gean,

Mar bliuw hjir om in hoekje stean.

Der wol 'k in grap fen ha, ja, ja!

Der wol 'k in grap fen ha.

## 3.

Do kaem der tröch de fenne gean

In hearke jong en flink.

It wifke gîng foar 't fenster stean

En jowch him sa de wink.

Gau hie se de efterdoar op dien.

Min man is nei de mieden gien

En nei de bisten ta, ja, ja!

En nei de bisten ta.

## 4.

Hwet hien se do togjerre in nocht,

Hwet laken se om 'e boer!

En de alde, dy 't dat heart en sjucht,

Waerd rasen, glean en poer.

Hy smiet de doarren op en sei:

Hwet is my dit hjir? gekke blei!

Söks wol ik hjir net ha, ha, ha!

Söks wol ik hjir net ha.

## 5.

It hearke kikte net in wird,  
 Mar renne koed er knap.  
 It wifke sei: fal my net hird!  
 't Wier ommers mar in grap.  
 Ik tocht, jy wieren bûten doar,  
 Hy kaem er in, der koe 'k net foar.  
 Ik wol him hjir net ha, ha, ha!  
 Ik wol him hjir net ha.

## 6.

Och tutte! al wier ik ûren fier,  
 Al bleau 'k in wike wei,  
 De wet is, dat sa'n kwimpel hjir  
 Gjin fuotten sette mei;  
 Oars komt de dîvel yet in 't koarn.  
 En tink er om! ik scil foartoan  
 Min eagen iepen ha, ja, ja!  
 Min eagen iepen ha.

## 7.

For de alte wier de kaert forjown,  
 Al hie 'r op 't hiem in boerd,  
 Der 't op stie: „Wacht je for de hûn!”  
 Hy wier altiid in noed.  
 Sa'n alte strûk sa'n jonge blom  
 To trouen, dat wier ek to dom,  
 Dat moast er insjoen ha, ja, ja!  
 Dat moast er insjoen ha.

---

# ALTIID WILLE.

*Flink op.*

Al - tiid hab ik nocht en wil - le Near - ne  
 wol ik swier oer til - le; As ik my oan  
 't rjuch - te hald, Steur ik my net oan 'e  
 wrald, Steur ik my net oan 'e wrald. Al  
 is mîn ei - gen - dom net great, Al is mîn  
 oan-sjen sah - wet neat, Al ben ik by de  
 wrald for - get - ten, En by de meas - te mens - ken  
 freamd; Al wird ik near-ne ta bi-neamd, Mar bû-ten

*P. All. tto*



al - le sa - ken slet - ten

2.

Al is mîn middeimiel net fet,  
Al it ik böffert noch banket,  
Al kry 'k gjin fine wîn to prjuwen,  
Al wirde er my gjin foantjes brocht,  
Al wird ik noait ris ûtforsocht  
Op pretten by foarname ljuwe:  
Altiid hab ik, ens.

3.

Al klai 'k net moai en deftig my,  
Al is mîn beste jas net ny,  
Mîn hoed hwet feal, mîn skuon hwet lompen  
En lang net nei de mode mear,  
Al ha 'k mar ien fetsoenlik pear  
En draech ik deis al fôlle klompen:  
Altiid hab ik, ens.

4.

Al wenje 'k in gjin deftich hûs,  
Mei prachtich hûsrie by de rûs,  
Al hab ik in mîn went net fôlle  
As krekt in tafel en in stoel,  
Al scoe gjin ien mîn hele boel  
For twyntich gûne habbe wolle:  
Altiid hab ik, ens.

# ALD EN NY.

**Helder.**

Do 't pa - ke yet fynt wier en bep-pe yet faem, Do  
 wier 't al - le - gjer - re net heal sa foar - naem En deftich as  
 nou Men neam'd' - el - koar dou; Goed dei en goed wei en der  
 gîng it mei ou En deftich as nou; Men neam'd' elkoar  
 dou; Goed dei en goed wei en der gîng it mei ou.  
 2.

Do wieren de mensken rûnborstich en plat,  
 Hja neamden ienfaldich in kat mar in kat.

Nou wirde se boas

En lûke oan'e noas

Oer echtfîske wirden, — mar net oer hwet oars.

## 3.

Do ging ek in boer yette klaid as in boer,  
En stedskomplimenten der mocht er net oer.

Hwet rüppen se nou?

Minhear en jiffrou!

Tjin boer en boerinne, ho lompen en grou.

## 4.

Do bleauen de boer en boerinne by honk  
En sorgen dat tiisdeis de bûter net stonk.

Hja wieren in 't spier

Jâns let en moarns ier,

En rieden mar inkeld ris at for plesier.

## 5.

Do wieren de frouljue for 't wirk net to swak.

De boerebern stiene for boden in 't plak.

Nou pronkje se swiid

En slate de tiid

Mei sjongen en spiljen, gejei en gerid.

## 6.

Do spilen gijn klûtsköppers op it toaneel

For greef of baron in in slot of kasteel.

Mar do waerden se ek

Fen wîsens net gek,

Mar halden de pîpen hwet mear in 'e sek.

## 7.

Do stelde de Fries in sin tael yet in ear;

Der kaem er mei del by de greatste minhear.

Dat liket nou neat!

Nou bnne se great

Op healbekken holansk, ho brik en forkeard.

## 8.

Ei Friesen, bljuw Friesen! brûk jimme forstan,  
En helje dat freamde lawai net in 't lan.

Oars komt it, sa wier!

Tröch jimme sa fier,

Dat ik leau, de leare fen Darwin is wier.

## 9.

Do 't pake yet fynt wier en beppe yet faem  
Do wier 't allegjerre net heal sa foarnaem.

Foarûtgong! is nou

It röppen al gau,

Mar 't falt in in hele boel dingen hwet ou.

## SIMMERMOARN.

*Fleurich.*



Whet bist dou ljeaflik, Rîs-jen-de simmermoarn! 'tOpgeande



sin-tsje la- ket my oan, 'tHoantsje krait: kûkelû! 'tDou-ke röpt



rû - kû - kû! Ik wol ek sjonge Fleurich fen toan.

## 2.

Alles hwet libbet  
 Döcht der nou sines by;  
 Fôltsjes en kjetlsjes,  
 Hînsders en ky.  
 Goeskes dy snetterje,  
 Skijipkes dy bletterje,  
 Lamkes dy springe  
 Nuvere bly.

## 3.

't Ljurkje in 'e wolken,  
 Einen in 't lîsich wiet,  
 Mosken en swealtjes,  
 Elk het in liet.  
 d' Eabarren klapperje,  
 Ljeapkes wjukwapperje.  
 Skries op 'e hikke  
 Röpt: grito , griet!

## 4.

'k Woe for nen gûne  
 Da'k yet to sliepen lai;  
 't Is my sa nochlik  
 Ier op 'e dei.  
 Protters dy tsjotterje,  
 d' Eksters dy skatterje;  
 Alles is fleurich ,  
 Ik ben it mei.

---

## IT PÎPKE.

*Fluch.*

As ik stil mîn pîpke smook, sit-ten - de in'e hoe-ke,



Wils't de wolkjes swiet fen rook In mîn noas op lû - ke,



Den ben ik in lökkich man; 'kRuilje mei gjin keining den.



Faek ha'k elt-se minske, Sa ge - lök-kich winske.

2.

Is de reek den gau forflein,

Wit hwer earne hinne,

'k Tink den: sa forfjucht in 't ein

Alles hwet wy kenne,

Rîkdom, eare, hearskippy

Giet as reek en damp foarby.

'k Scoe net greach mîn hölle

Deroer brekke wolle.

## 3.

Ja tabak! dou jowste my  
 Smaek oan drank en spise.  
 Moast ik fen de piip foarby  
 Den wier 'k fen de wise.  
 Moarns as 'k ût 'e sliep opstean,  
 Jûns sa lang ik lidsen gean  
 Mat de piip mîn troue  
 Feste makker bljuwe.

## 4.

't Is mîn beste selskippsman  
 As ik sit allenne;  
 Red forfleane de ûren den.  
 Mat ik earne hinne,  
 Noait forfeelt my paed of wei;  
 Nim ik tñar mîn pîpke mei,  
 Den ben 'k noait forlegen,  
 Moedich gean 'k mîn wegen.

## 5.

Hab ik somtiids ek de kramp  
 In mîn lege ponge,  
 As ik den mar smook en damp,  
 Ken 'k wol fleurich sjonge.  
 Al bosit ik neat to wrald,  
 As ik mar mîn pîpke hald  
 Hab ik altiid wille;  
 Den ken 'k lesten tille.

---

# Net to Keken.

**Fleurich op.**

Sjoerd Aens, in flin-ke boe - re - fynt, Bikwaem in

't wirk en near - ne my - en, For knap en braef by elts bi -

pp

- kend, Gîng nei Jan Ei - les Lîs to fry - en Hja wier in

p

boe - re bern, oars neat, Mar hie to Snits in poaske

mf

wen - - - ne; Der hie se stedsme-nearen

leard. De wis - heid , miend se, hie s'al - len . . .



ne, De wiſheid, miend ſe, hie ſ'al-len - ne

## 2.

It boerefolk wier hjar to rou.

Hwent och! hja wier ſa kwier en keintjes.

Sjoerd Aens roan by moai Liske blau;

Hja wachtte op krease stedske fyntsjes.

Hy gîng nei Fyke; dat wier klear;

Dat fanke mocht him tige lye.

En foartoan weage nimmen 't mear

Om de eigenwiſe Lis to fryen.

## 2.

Hja wachtte mar jier út, jier in.

Nou is ſe ald faem en ſcil 't wol blijuwe;

Se is haetik wreev'lich, fol fenfn,

En skimpt op alle jonge ljuwe.

Hja barſt hast út hjar fel fen ſpit,

Oer Sjoerd en Fyke's goede dagen;

Hwent och! hja het mei ſelsforwît

It leſt fen eigen ſkild to dragen.

## 4.

En derom, fammen, leар hjir fen

Sa bjurst're keken net to wêſen;

Hwent ha jim 't al to heech in 't ſin,

Den ſlaen jimme in jim eigen glêſen.

In fynt, dy 't deugdſum is en best,

Dy matt' jim net ta ſkande meitſe,

En oars den kenn' jimme op it leſt

Wol under in 'e födkoer reitſe.

Flucht.

Pas op!

Dy 't sei omheech lukt in 'e top, pas op!  
En hellet ek de fok yet op, pas op!  
En den net tinkt om wîn en waer,  
Dy komt allicht in great gefeaer.

Pas op! pas op! pas op!

3.

Pas jimmeraan op skoat en roer, pas op!  
En hald it skip goed in bistjûr, pas op!  
En let op al din tûgh foaral,  
Oars rekkest licht in 'e ûnderwal.  
Pas op! pas op! pas op!

# JAN en GRIET

*Helder op.*

Griet Snip - pel fen de Skar - ster Rien Dy

trou - de mei Jan Kalk - en - Stien. De brilloft

wier bi-sljuchte; De bril-loft wier bi-sljuchte; En

in har skjinne krea - se went Wier al - - les ny en

moai om-trent, In or - der en to -

rjuch-te In or - - der en to : rjuch - te.

## 2.

Jan sei: Nou is 't den doch sa fier,  
Der 't ik al foar twa, trye jier  
Oer mîmre en hersenskrabbe.  
As 't nou mar ridlik mei ûs giet  
Den kenn' wy, scoe 'k wol sidse, Griet,  
It best togjerre habbe.

## 3.

Dat leau ik ek, min beste Jan!  
Sei Griet, mar hark ris efkes, man!  
Wy benn' nou troude ljuwe;  
Mar scil 't nei winsken gean mei ûs,  
Den mat foar alles ïn ûs hûs  
De frede 't heechste blijuwe.

## 4.

Ik ben seaftsedich en bidaerd  
En tige guodlik ât mîn aerd.  
Mar somtiids komt de hölle  
My wol ris efkes dwers to stean,  
En dat mei dwersens tsjin to gean  
Dat helpt tröchgeans net fölle.

## 5.

Né, is 't om frede dy to dwaen,  
Den hest my derîn ta to jaen,  
En demmen stil to swyen  
Ta dat de bui wer oerdruwn is.  
Mar harkje nou, dat ik dy sids  
Honearst my hest to myen.

## 6.

Ha 'k op in dei mîn skeldoeksban  
 Ris festbûn ûnd'r 'e löfterhan,  
 Den kenst mar stellich leauē:  
 Nou stiet de hölle Griet net goed.  
 Den mast înskiklik, stil en froed  
 By alle dingen bljuwe.

## 7.

Sjuch Jan , dit teiken jow ik dy  
 Allenne om twisken dy en my  
 De frede to biwarjen.  
 Ik wit dat stelste heech op priis,  
 En derom bist den wol sa wiis  
 Foaral my net to narjen.

## 8.

Ja Kike, dat is tige best,  
 Sei Jan, ik wit gjin greater lest  
 As deilisskip en tsieren.  
 En derom ben ik rjucht in 't skik,  
 Dat 'k witte ken honear as ik  
 Mîn wifke ha to fierer.

## 9

Dou kenst my al in hele rek,  
 Dou witst it lang al, ik hab ek  
 Mîn lekken mîn en brekken,  
 Al ben 'k sa deugdsum as 't mar ken.  
 Dou witste, Kike, 't stiet my tsjin  
 Om sels derfen to sprekk'en.

## 10.

Soms rekket min gedild ek op,  
 Den kry ik hispels in 'e kop.  
 Dat hab ik sa by riten.  
 Den helpt moaipraten suver neat,  
 Dat makket earder my in steat  
 De boel in grûs to smiten.

## 11.

In sökken tiid den is 't for dy  
 Forstannichst Kike, datst tsjin my  
 Gjin wird to sidsen heste.  
 'k Fortrou der scit dy wol nei jaen;  
 It is om frede dy to dwaen,  
 Dou sikest graech it beste.

## 12.

As ik den krekt allik as dou,  
 Dy ek in sichtber teiken jow,  
 Den kenst dy derfor mye.  
 Hab ik min pet op 't löfter ear  
 Tink den mar fry: nou leit it tear;  
 Den mast foaral mar swye.

## 13.

Derop ging Jan nei 't wirk, en Kik  
 Dy tochte: dat is lik om lik!  
 Dy goede froede jonge,  
 As dy sa'n korte hölle het,  
 Den ken ik wrachtich altiid net  
 De heechste wîse sjonge.

## 14.

As Griet den somtiids nukken hie  
 Dat hjar de hölle tisich stie,  
 En wier se min to sprekken,  
 En hie se den hjar skeldoeksban  
 Al festbûn ûnd'r 'e lofterhan:  
 Jan hie dat in 'e rekken.

## 15.

Den sette hy sîn pet op 't ear  
 En tochte: dit is lear om lear.  
 Ha 'k my for dy to myen,  
 Den dou dy ek for my mar gau.  
 Dat is 't ienfaldichst, nei 'k fortrou,  
 Om neat gjin spil to kryen.

## 16.

Dat barde lîkwol net heel faek,  
 Hwent sjuch, it ein wier fen de saek  
 Dat hja gau wiser wieren.  
 Dy nukken bleauen wei op 't lest.  
 Hja libben mei 'n oar tige best  
 In lange rek fen jierren.

---

# WES WOL TO MOED.

*Net to hird.*

*p*

Hwa wol hijr un-to - fre-den gri-ne,

Sa lang it lib-ben wil-le jowt?

Hwa wol sîn bes-te tiid for-kwi-ne, Dy't al to haestich

*p*

us untdrjuwt? Dy't al to haestich us untdrjuwt?

## 2

De ljue, dy 't swier oer alles tille,  
 Ha jimmer 't liif fen wrevel fol.  
 Sa net! De wrald jowt oeral wille  
 For dy 't it siikje en habbe wol.

## 3.

Yet rolje weagjes oer de marren ,  
 Yet sjonge fûgels like bliid ,  
 Yet skînt it moantsje tröch de sparren  
 Sa frjûnlik as in Adams tiid.

## 4.

It sop fen druvnen makket yette  
 Hjir menske herten bliid en sûn.  
 En yet is 't aerdich smûk to sitten  
 By 'n famke in 't stille fen de jûn.

## 5.

Yet jowt de sang fen nachtegalen  
 Oan 't fielend herte stille noct.  
 Yet röpt natûr in tûsen talen  
 Us ta, ho 'n goed de Skepper döcht.

## 6.

Ja, wûndermoai is wol Gods ierde ,  
 En wirdich da'k der bliid op ben.  
 Derom wol ik in libben liede  
 Sa fleurich as 'k it krye ken.

---

# Oeral Thûs.

**Fluch.**



Ik ben thûs in al - le oar-den Tröch de he - le



wrald bikend. As't my net fol - - docht in 't noarden

**Yette huet flugger**



Gean 'k nei 't sûden om in went. Fleurich to moe-de, by



't goede'n by 't tsjoede, Dat is mîn libben en dat is mîn sin.'

2.

'k Wol gjin swiere pakke sjoue,

Ek mîn bloed is licht en fris.

As ik it mei earme ljuwe,

Of by 'n hear sit aan 'e dis,

Fleurich to moede ens.

## 3.

Al mîn goed en tabihearren  
 Draech ik mei my oeral rûn.  
 As ik einlings kom to stjerren,  
 Mat dat mei my in 'e grûn.  
 Fleurich to moede ens.

## 4.

Jild! dat ken elkien bigripe,  
 Ha 'k net fölle; in jas, in hoed,  
 Stôk en fjûrguod, doase en pipe,  
 Dat is al mîn have en goed.  
 Fleurich to moede, ens.

## 5.

Ken de brune 't faek net lûke  
 Dat ik sit in skip of wein,  
 Dan mat 'k eigen skonken brûke,  
 'k Ren plesierich den in ein.  
 Fleurich to moede, ens.

## 6.

Sa lawearje 'k tröch it libben.  
 Hinget soms mîn krebbe heech,  
 Letter skoarje 'k wer mîn ribben  
 En den ben 'k wer op mîn dreech.  
 Fleurich to moede, By 't goede en by 't tsjoede,  
 Dat is mîn libben en dat is mîn sin.

---

# JŪN.

*Hiel stadich.*

p Wes wol-kom moai - je stil - le jūn Mei dīn bi -  
 - min -lik skaed. Spried oer it wî - de wrald-ske rûn Dîn  
 hel - der stjer - re - - klaed. Spried oer it wî - de  
 wrald - ske rûn, Dîn hel - der stjer - re - - klaed.  
ritard.

## 2.

Jow, nei in dei fen wille en lest,  
 Fen bliidskip en fen noed,  
 In nacht fen nochlik swiete rest,  
 Ta nye kreft en moed.

## 3.

Al is de lange, swiere dei  
 Mei unrest ek forroan,  
 't Is nöchlik, dat ûs barre mei  
 Sa'n stille sefte jün.

## 4.

Sjucht men tofreden den tobek  
 Op hwet men die of liet,  
 En hie men neat for 't libben brek,  
 Den is de rest sa swiet.

## 5.

As we ienkear benne aan 't ein ta roan  
 Fen de ierdske libbenswei,  
 Den hoopje wy dat sökken jün  
 Us ek mar barre mei.

**Fleurich.****S A N G.****Hiller.**

1 { Whet scoe 't libben sün- der sang Treurich hin - ne  
 't Foel ûs si - ker al to lang: Sjonge mat we's  
 ren - ne!  
 ken - ne!

1. Wils 't men tröch dit lib - ben giet

Het me'n boel bi - slom-mer: Sjongt men nou en  
den in liet, 't Wirdt yen föl - le rûm - mer.

## 2.

Frjûn! úntsakket dy de moed,  
Sjuchste 't slim tomjitte,  
Den docht sjongen siker goed.  
Net to grînen sitte!  
Sjongen scil dy wier en wis  
't Libbens-lot forswietsje.  
Hwet de daú for blommen is,  
Is for 't hert in lietsje.

## 3.

Gealtjes in it stille bosk,  
Proutters op 'e skûrre,  
Ijurken, finken, kwartel, mosk,  
Swealtjes op 'e mûrre,  
Litte jimmer om ûs ta  
Blide sangen hearre.  
Frjûnen! lit ûs, lik as hja  
Sjonge ta 't wy stjerre.

---

# De Takomst.

*Langsum.*

De ta-komst leit in tsjus-ter - - nis, Tröch  
 Gods bi - stjür, sa goed. Wist im - men hwet to  
 wacht-sjen is, Licht jowch 't him neat as noed.

2.

Hwent as der kans op rikdom wier,  
 Den scoed er bütten slaen,  
 En 't nedich deiwirk dat er hie  
 Mei greate tsjinsin dwaen.

3.

En stie der tsjinspoed for him klear,  
 Tink, ho 'ter skoarje scoe.  
 It lök jowch him gjin wille mear,  
 Dat hy yet smetse koe.

4.

Dus mensken, steun mei tankberheid  
 Op 't wise wraldbistjür,  
 En hwet der in 'e takomst leit,  
 Lit dat fry deroan oer.

---

# TSJERK HIDDES.

*Net to langsum.*

The musical score consists of four staves of music in common time, key signature of one flat, and treble clef. The lyrics are written below each staff in a cursive script. The first staff starts with a forte dynamic. The second staff begins with a piano dynamic. The third staff begins with a forte dynamic. The fourth staff begins with a piano dynamic and includes a dynamic marking 'mf' above the staff.

Tsjerk Hid - des wier in boe - - re-soan, Mar

fy fen boer-ke - ry - e; It far - ren stie him

bet - - ter oan, De sé dy mocht er ly - e. Wier

heit mismoc - dich, mem oerstjür, Hy koe 't net hir - dé

ear 't er foer, Om mei op sé to fjuch-ten, For

fry-dom en lâns - rjuchten. Ja Frie - sen 'twier in

ti - ge man! For , jit Tsjerk Hid - des net; Dy

't lib - ben oer hie for sîn lan, En

ek op - off' re het. Dy 't lib-ben oer hie

for sîn lan, En ek op - off' - re het.

## 2.

Al waerd Tsjerk Hiddes admirael,  
 Hy bleau derom de selde.  
 Hy spriek sîn friske memmetael,  
 Hwerîn hy 'n eare stelde.  
 Hy wier ienfaldich , slucht en rjucht ,  
 Mar 'n drege kerel in 't gefjucht ;  
 Mear as rjuw greatske kwasten ,  
 Dy 't op hjar plak net pasten.  
 Ja Friesen ! 't wier , ens.

## 3.

De Ruiter , sa forneamd as sterk  
 In grote krichsbedrjuwen ,  
 Dy halde in bulte fen ús Tsjerk ,  
 Dat het men mar to leauen.  
 Hy sei : It is in helt , dy Fries ,  
 As ik it libben soms forlies ,  
 Mat hy de floot regearje ;  
 Hy scil 't manhaftich klearje .  
 Ja , Friesen ! 't wier , ens.

## 4.

Och , hwerom moast it lan sa gau  
 Sa 'n dapp're strider miste ?  
 Om 't hy , oan sîn forplichting trou ,  
 Fen gjin skewielen wiste .  
 Faek as in oar net langer doarst ,  
 Stie hy wol der 't er wêse moast .  
 Sa moast er einlings yette  
 Sin kreftich libben litte .  
 Ja Friesen ! 't wier , ens.

---

## NEARNE ALLENNE,

*Oerlangsum*

C. M. von Weber.

**p** Ten-lik ben ik net al-lén-ne, Al - - tiid hab ik  
 seaft en mild Hwer't ik sit - te mei of ren - ne,  
 ——————  
 Foar mìn geast mìn fam - kes bield.  
 ——————  
 Foar mìn geast mìn fam - - kes bield.

2.

Mei ik swerfje wit hwer earne,  
 Meye ïn drokke skreppery  
 Soms mìn dagen hinne fleane,  
 Of forfele de ûren my:  
 Nearne, nearne ben 'k allene  
 Altiid hab ik seaft en mild,  
 Hwer 't ik sitte mei of renne,  
 Foar mìn geast mìn famkes bield.

# Thüs best.

**Fluch op.**



Ik siik - - je 't lök net bû - ten  
Der steur ik my net oan in



doar, Mar oan mîn ei - - gen hird.  
oar, Mar fier it heech - - ste wird.



Der it ik swiet mei wiif en bern: Mei



'k dy mar sün en fleu - rich sjen.

## 2.

By frjemde mensken der ântkomt  
 My licht in wird of hwet,  
 Dat wirdt forkeard of kwalik nomd,  
 Al miende ik 't fier fen dat.  
 Der ben ik thûs net oer in noed,  
 Hwent der forstean we elkoarren goed.

## 3.

In eigen hûs ha 'k alle fry  
 By hwet ik döch of sids.  
 By frjemden hald en draech ik my  
 Oars as 't my nöchlikst is.  
 Al smakket der yen 't iten min,  
 Men it en seit nen bît der fen.

## 4.

't Is wier, by goede frjûnen het  
 Men ek wol wille en nocht.  
 'k Wird faek der tige nöchlik set,  
 Wolmienend en oprjucht.  
 Mar wierheid bljuwt it döch op 't lest:  
 Thûs het men op in dûr it best.

## 5.

Us pake en hjarre halden ek  
 Hjar smâk by eigen hird.  
 Dy 't net nei hûs woe doogde net,  
 Dat wier by hjar it wird.  
 Ja, Friesen! folgje fry dat nei,  
 De hûslikheid dy giet er mei.

# GREATE PIER.

*Flink op.*

+ 1520.

*J. J. Viotta.*



*Sterk.* Ha je wol ris heard fen dy grea - te Pier? To



Kimswerd der het er wen-ne; Mar as ergjin krichsman fen



boer wir-den wier Wy scoene sìn namme net ken-ne. Dy

*Tige sterke.*



Pier Dat wier ln ke - rel great en swier; Hwet



rûch fen hier en bird Hwet rûch fen hier en bird, Hy lôek for



Fris-lan en fry-dom it swird. Hy lôek for Hy lôek for



Fris - lan en fry - dom 't swird.

2.

Hongerige poepen dy swalken tröch 't lan  
To barnen, to roven en stellen;  
Dy stieken ek Pier sîn husing in 'e bran,  
Hwerby se him alles unthellen.

Do wier us Pier  
Hast kûgels, siker wier:  
Hwa helpt in handsje mei,  
Dat ik dy poepen ta Frîslan ut jei?

3.

Do wieren der to Kimswerp en Arum wol mear  
Mishanle, grimmigite boeren;  
Dy seyen: Wy statte mei elkoaren gear.  
En Pier hie dy heap to bistjûren.  
Hwent Pier dy wier.  
Îsbaerlik great en swier,  
In kerel fen sîn wird,  
Elk hie untsach for sîn stemme en sîn swird.

## 4.

Do gîng it der op los op 'e Sudersé,  
 Der kaepten se hwet se mar fûnen.  
 En de Hollanners, dy 't se der kriegen, o wé!  
 Forsûpten se as katten en hûnen.  
 Hwent Pier dy wier  
 Hwet bot en rou, dat 's wier!  
 Hy makke rûmme baen,  
 It wier om frydom for Frîslan to dwaen.

## 5.

De hertoch fen Gelder sei: Ik hab it plan,  
 De Friesen dy wol ik bifrye.  
 Do sei greate Pier: Wel, den ben je mìn man,  
 Der mei ik jo ljeaver om lye.  
 Do wier ûs Pier  
 Oan 't fjuchtsjen let en ier.  
 Hy holp de hertoch mei,  
 En jage Poepen en Hollanners wei.

## 6.

Mar de Geldersman wier in falske skarlân,  
 Dy hie 't sels op Frîslân bigrepen.  
 Hy laette de Kimswerder boer om 'e tûn,  
 Mar dy kaem al efter sîn knepen.  
 Do wier ûs Pier,  
 Net malle mak, dat 's wier:  
 Dy kerel brekt sîn wird,  
 Ik lit him strike; der hinget mìn swird!

## 7.

Hy wier fen dat fjuchtsjen en roven gjin frjân;  
 Hy die 't om de frydom to tsjinjen.  
 Hy wier by de ploeg en sîn fé ljeaver bljuwn.  
 Nou gîng er nei Snits ta to wenjen.  
 't Is wier, dat Pier  
 Hwet ûnbehouwen wier;  
 Mar earlik by sîn wird.  
 Hylôek for Frîslan en frydom it swird.

## WIDSSESANG.

*Net to lid.*

*p* Hja lei - ne-al - ear My lits en tear In

't widske om swiet to res - ten. 'k Waerd patte en

aid, En troaid en flaid, Elk socht for my it

*p* bes - - te. Ik waerd mei nood For sì - gen hoed en

ti - ge trou bi - - stop - pe. Mem wid-se my en

song der by Fen sù - ze na - ne pop - - pe.

## 2.

Sa wûchs ik op En krike in pop,  
 Dy 'k moai wist op to kluyen.  
 Ik borte er mei Sa'n hele dei  
 Of siet for hjar to nayen.  
 Al fûn 'k for hjar In lapke mar,  
 Den koe 'k fen wille röppé.  
 Faek song ik swiet For hjar it liet.  
 Fen suze nane poppe.

## 3.

Ik waerd jongfaem. De tiid dy kaem  
 Dat my de pop forfeelde.  
 'k Hie oars hwet brek, Dat fielde 'k ek,  
 Mar 'k wist net hwet my skeelde.  
 'k Hie niget aan Us bûrmans soan;  
 En do 't dy goede Foppe  
 My op in jûn Allenne fûn,  
 Doarst ik ús mem net röppé.

## 4.

't Waerd fryery. Hy miende 't my,  
 Do ha 'k op 't lest him nommen.  
 En mei in jier Wier 't ek sa fier,  
 Der moast in widse komme.  
 Nou pas ik op Yet ljeaver pop.  
 Neat giet min lök to boppe,  
 As 'k for min skat Nou sjonge mat  
 Fen súze nane poppe.

# DE KIKKERT.

*Fluch.*

In kik - kert stiek sìn gled - de noas Tröch

tek-kenflach en ein - e-kroas; De höl - le stie him

*Langsümmen.*

ti - ge goed, Do song er wol to moed.

*Hwet Flugger.*

Rik! kik! kik! kik

ti - ge goed, Do song er wol to moed.

rik! kik! kik! kik! rik! kik! kik! kik!

*D. C*

Whet ben ik in min skik!

## 2.

Hwa is as ik sa rîk en fry?  
 As 'k soms mîn nocht in 't wetter kry,  
 Den spring ik fleurich trôch it grien  
 En steur my oan gjin ien.  
 Rikkik kik kik! rikkik kik!  
 Hwa is sa rîk as ik, as ik?  
 Hwa is sa rîk as ik?

## 3.

En komt my 't ien of 't oar bynei,  
 Den krûp ik linich ût 'e wei.  
 Gjin ien dy 't my hwet leare ken,  
 As 'k ûnder wetter ben.  
 Rikkik kik kik! rikkik kik!  
 Hwa is sa fry as ik, as ik?  
 Hwa is sa fry as ik?

## 4.

Der kaem in eibert langebek,  
 Dy hie hwet for sîn jongen brek.  
 Hy naém de kikkert by sîn kop  
 En stjûrde 'm nei sîn krop.  
 O, rikkikkik! rikkikkik!  
 Mar ljeaver dou as ik, as ik.  
 Mar ljeaver dou as ik.

## 5.

Wes moedich, fleurich, bliid fen sin,  
 Mar tink mei ien hwet komme ken.  
 Wy lidse ek for gefaren bleat  
 As 't folkjen in 'e sleat.  
 Ja, rikkikkik! rikkikkik!  
 Dou wierst to greatsk, sids ik, sids ik.  
 Dou wierst to greatsk, sids ik.

# De Boerestân.

Flink op en net to hird.

J. J. Viotta.



Scil - le wy de man for - jit - te, Dy de



ploêch tröch d'ekers drjuwt? Tink hwa knap en braef mei



hjit - te, Dat de spreu - ke wier - heid bljuwt: Nut - tich



is de boe - re - stân For ûs lân, For ûs lân. Nuttich



is de boe-re-stan For ûs lan, For ûs lan.

## 2.

Moarns bytiid, as in 'e stedden  
 Alles leit in djippe rest,  
 Is 't op 't fjild al drök te redder,  
 Döcht de hüsman al sijn best;  
 Skrept elkiem, as wier der brân,  
 Op it lân, op it lân.

## 3.

Sa to libjen, flink fen seden,  
 Nei it foarskrift der natûr;  
 't Makket immen wol tofreden  
 En jowt sündheid op in dûr.  
 Dertröch tierd de boerestân  
 In ûs lan, in ûs lan.

## 4.

Altiid klear mei hölle en hannen,  
 Bringt er wit ho fier in 't rûn  
 Wolfeart oan for alle stânnen,  
 Op 'e faderlandske grûn.  
 Achtsje heech dîn boerestân  
 Nederlan! Nederlan!

## 5.

Kening Willem ek forearret  
 Graech de tâke warbre boer.  
 As er goed sijn saken klearret  
 Het de Foarst hwet for him oer.  
 Bloei mar, flinke boerestan!  
 In ûs lan, in ûs lan.

# By 't meltzen Moarns.

***Mei gevoel.***

The musical score consists of five staves of music in common time (indicated by '3' over '4') with a key signature of one sharp. The lyrics are written below each staff in Dutch. The music features eighth-note patterns and rests.

Der komt it sin - ne - - ljocht wer oan ! De

fris - se löft ïn 'e ie - re moarn Wait mei de rook fen 't

ny - e hea Sa noch - lik om mîn hölle en lea. Hwa

ken nou död - sich wêse en sleau ? Ik nim mar gau it

melkers-reau , Den stap ik moe-dich nei de ky, Dy't

mei for - lan - gen wachtsje op my. Den stap ik moedich  
 nei de ky, Dy 't mei for - langen wachtsje op my.

## 2.

Hwet Sjoerd der in 'e feinne döcht?  
 Hwerom hy jimmer dit uit sjucht,  
 Krekt as er passe wol op my?  
 Ik rep my wol sa goed as hy.  
 Ik wol net ienris ny him sjen;  
 Der ging de tiid mar mei forlern.  
 Ei, stean sa net to kipjen, Sjoerd!  
 Sök liddichstean dat is net goed.

## 3.

Nou, alte bunte, wës mar stil!  
 Hest langst dat ik dy meltsje scil?  
 Hwet benne müs en witkop bliid!  
 Ik ben hjir ommers op 'e tiid.  
 Gau scil 'k jim' helpe, goede ky,  
 De frou het strak forlet fen my.  
 Lit Sjoerd mar kipje, 't maelt us net.  
 Ik sprek him wol ris, ier of let.

# DE ALDE FRIESEN.

*Net to hird.*

*p*

Op-rjucht en rún, sa wie-ren de-al-de

Frie - - sen! Fol fes-te moed en gau bi-redt mei 't

swird! Ek ear- der klear om 't lib - ben to for -

lie - sen As laf en flau to brek-ken eed en

*mf*

wird. Hja lib - ben fry by ei - gen tael en

*p*

wet - ten For 't ûn-rjucht strang, for de ûn-skild help en

treast; Gjin twin-ger hie de macht dy to for .

set - - ten; Folks wil-le gau by al- les hjar it meast.

## 2.

Hwer benn' se nou, dy drege stoere mannen,  
 Dat flinke folk, dy Friesen fen alear,  
 Sa klear fen hölle as stevich ïn 'e hannen?  
 Het Frîslan nou sök tige folk net mear?  
 Het freamdsin hjur de frîske sin forlamme?  
 Forachtet elk ús tael ïn sprake en liet?  
 Stelt nimmen priis mear op dy eale namme  
 Fen frye Fries, mei hwet dy namme siert?

## 3.

Ja siker wol! Der benn' yet echte Friesen,  
 Fol ljeafde for hjar seden en hjar tael.  
 O, lansljeue! weits om dy net to forliesen.  
 Dy 't hertlau wirdt lydt aan in slimme kwael.  
 Lit jimme net tröch oaren liede en drjuwe.  
 Stean op jim stik, ta nut fen 't algemien.  
 Set tröch as 't mat. Sa ken ús Frîslan blijuwe  
 Oan Willems krone in kostbere edelstien.

---

## IN FRJÙN.

*Stadich oan.*

Joseph Gersbach.

Dy 't hjur mei op - rjuch-te trou - e Oan in

frjùn him fielt for - bùn, Der'ter fei-lich op mei

bou - e, Het in grea - te rik-dom fùn. Ik ben

lökkich, ho't ek giet, Om't ik sök in frjùn bi - sit.

## 2.

As 'k it soms mei slimme tiden  
 Of kwea folk to kampen kry,  
 Helpt mân troue frjûn my striden,  
 Stiet mei ried en died my by.  
 Ik ben lökkich, ho 't ek giet,  
 Om 't ik sök in frjûn bisit.

## 3.

Hy ken nöcht noch wille smeitse  
 As ik sit ïn roue en leed.  
 Hy wol sorgje, hy wol weitse,  
 Helper wêse ïn alle need.  
 Ik ben lökkich, ho 't ek giet,  
 Om 't ik sök in frjûn bisit.

## 4.

Wif is menskeinst en eare;  
 Moayens, jeugd en glans forstout;  
 't Lök ken yen de rech ta keare;  
 Mar in wiere frjûn dy bljuwt.  
 Ik ben lökkich, ho 't ek giet,  
 Om 't ik sök in frjûn bisit.

## 5.

Alledeiske frjûnen wîkje  
 As de foarspoed wikt fen my.  
 d' Echte frjûn scil net biswîkje,  
 Ek net as ik earmoed ly.  
 Ik ben lökkich, ho 't ek giet,  
 Om 't ik sök in frjûn bisit.

# DE RÎKSTE FOARST.

Tiidmijtte fen in marsch.

1486.



## 2.

Kostlik, sei de foarst fen Saksen,  
 Is mîn lân al hwer 't men komt.  
 Silver sit der ïn de bergen,  
 Net in bîtsje, mar de rûmt.

## 3.

Nou, mîn lân het oare skatten,  
 Sei de karfoarst fen de Rin.  
 Noat en koalsied op 'e fjilden,  
 Op 'e bergen fine win.

## 4.

Greate stedden, rike kleasters,  
 Sei de hear fen Bey'ren yet,  
 Meitse dat mîn lân tsjin jimmes  
 Ut ken, as 't net heger stiet.

## 5.

Eberhard, de wolveminde  
 Brave foarst fen Wurtemberch,  
 Sei: Ik ha gjin greate stedden  
 En gjin inkle silverberch.

## 6.

Mar mîn skat, mîn röm is disse:  
 Dat ik mids ïn 't greatste wald  
 Feilich lidzen gean to sliepen,  
 Om 't mîn folk sa fen my haldt.

## 7.

Derop rôpen de oare trye:  
 Sök in skat het oars gjin ien!  
 Eberhard, dou bist de rîkste;  
 In dîn lân sit edelstien.

---

# WES TOFREDEN.

***Stadich van.***

A musical score for a single melody, likely a folk song. The music is written in common time (indicated by '6/8') with a key signature of two sharps (D major). The vocal line consists of eight staves of music, each ending with a vertical bar line. The lyrics are written below each staff in a cursive-style font. The lyrics are:

Dy 't al - tiid skrept mei liif en  
 sie - le Om mear to lik - jen as er  
 is Scil ei - gen wille en lök for -  
 nie - le Mei ûn - rest en bi - kom - mer -  
 nis, Om - dat er al - tiid he - ger  
 wol. De gree - te mear dy komt net fol.

## 2.

Dy 't heger kljuwt as him bitammet  
 Falt wol ris leger as er tocht,  
 En dy 't op lof fen mensken flammet,  
 Dy fint mar selde hwet er socht.  
 Hwent mensken ken men net op oan,  
 Hja prijsje hjoed en lekje moarn.

## 3.

In eare en greatheid ût to blinken,  
 Dat liket bare moai foar 't each.  
 Mar derby het men to bitinken:  
 In iik lydt fen in ûnwaersfleach  
 Rjuw mear as 't blomke by de sleat;  
 Dat wit fen storm en ûnwaer neat.

## 4.

Dy 't wenje in grote paelgebouen  
 Ha faken fry hwet op hjar lea,  
 En fölle mear fortriet to sjouen  
 As ljue, dy 't bodsje for hjar brea.  
 Dy 't in forgotten libben leit,  
 Het grif de minste swierrichheid.

## 5.

In earme fromme skijppehoeder  
 Is licht for 't stjerren net sa bang  
 As mannich machtich riks'bistjürder,  
 Dy 't folk forknoeit mei hirde twang.  
 Dy winsket wol, as 't rent op 't lest:  
 Hie 'k mar in skijppehoeder west.

## 6.

En derom, menske! wes tofreden,  
 Al libbest fn in lege steat.  
 De wrald mei hjar bigearligheden  
 Sinkt ienkear for ûs wei in 't neat.  
 In goed gewisse, in froede geast  
 Jaen under alles hope en treast.

# De Boer en sin Soan.

*Stadich aan.*



Min soan, bljuw ont din les - te dei Oan deugd en wierheid



trou, En wik - je fen de rjuch - te wei Ek



net in striebreed ou. Den kenste jim-mer wol to moed Tröch't



ierd-ske lib-ben tsjen, En ien - kear sun - der



frees en noed De dead in'e ea - gen sjen.

## 2.

Den is dy 't wirk gjin slaverny,  
 Mar wille finst der in;  
 Den smakket ferske sâpe dy  
     As oaren fine win.  
 In dogeneat, dy ken dat net,  
     Dy het fen alles lest;  
 De dîvel kwelt him ier en let  
     En lit him noait mei rest.

## 3.

Him jowt it maitiidgrien gjin nöcht,  
     Of 't ripe noat op 't fjild,  
 Om 't oarlu's lök him hinder döcht;  
     Hy siket neat as jild.  
 Hy is fen 't wingeblaes forfeard,  
     As 't tsjuster is en stil.  
 Sels as er hwet geritsel heart,  
     Den is er bang en skril..

## 4.

Derom, bljuw ont din leste dei  
     Oan deugd en wierheid trou,  
 En wîkje fen de rjuchte wei  
     Ek net in striebreed ou.  
 As by din gref din sibben den  
     Ienkear to skriemen stean,  
 Dy trjinnen komme blommen fen  
     Dy 't net heel gau forgean.

**Fluch.****Mîn Tsjamke.**

Op in win-ter - snein-to - jûn Hie 'k de re-dens  
 un-der-bûn, 'k Ried in ien mi - nût of twa, Nei't  
 Wôls-mer kjetting ta. Der seach ik lit - se  
 Tsjam - ke, Mîn Tsjam - ke, mîn Tsjam - ke; Der  
 seach ik 't ljeafste fam - ke; Dat ik oait ken-nen ha.

2.

'k Tröf hjar oan der op 'e baen.

'k Seach hwet 't hjar om wier to dwaen,

En ik wier ek net sa slûch,

Dat 'k hjar mîn han net jowch.

Do ried ik hwet mei Tsjamke,

Mîn Tsjamke, mîn Tsjamke.

't Wier swiid, ho ljeaf dat famke

Hjar han in mines slôech.

## 3.

Mannich fynt ried mei in faem;  
 Mar as 't in 'e hölle 'm kaem,  
     Ried er wer by de iene wei  
     En naem in oaren mei.  
 Mar ik ried mei mîn Tsjamke,  
 Mîn Tsjamke, mîn Tsjamke.  
 En mannich aerdich famke  
     Wier dat sa in 'e wei.

## 4.

'k Ging mei hjar de herberge in,  
 'k Easke der hwet brandewîn.  
     Mar do 'k mei nei hjarres ried,  
     Do wier se earst op 'e tried.  
 Do fryde 'k hwet mei Tsjamke,  
 Mîn Tsjamke, mîn Tsjamke;  
 Seaftsedich as in lamke.  
     Hwet prætten *wy* do swiet.

## 5.

Talsma, Vos en Kastelein  
 Woannen prizen fier en hein.  
     Mar hwa riedt hwet ik wol woan,  
     Dy selde sneintojûn?  
 Ik woan it hert fen Tsjamke,  
 Mîn Tsjamke, mîn Tsjamke.  
 Ik woan it ljeafste famke  
     Fen heel de friske grân.

## 6.

Hja naem my boppe al for kar.  
 'k Hab it nou al klear mei hjar;  
     As de maitiid komt in 't lan  
     Forbint ûs de echte ban.  
 Den trou ik mei mîn Tsjamke,  
 Mîn Tsjamke, mîn Tsjamke.  
 Den trou ik 't ljeafste famke  
     Fen 't hele friske lan.

---

# WEAMOED.

*Net to hird.*

Giet de wil - le fen demensken Al - tiid han oan  
han mei lest? Het gjin ien it hjir nei winsken,  
Al is 't ek op 't al - der - best? Né, de sielrest,  
dy 't wy siik - je, Wirdt op dis - se wrald net fün.  
Mei it soms der hwet op lik - je,  
Och, den is se gau for - dwün.

## 2.

In de moaye pronkkastielen,  
Der 't men alles föl-op het,  
Tocht men 't wiere licht to fielen,  
Mar dat is der ek al net.  
Op kantoaren, der 't men sommen  
Omset en op winsten loert,  
Hoeft me er ek net om to kommen;  
Né, der wennet sorge en noed,

## 3.

Slit dy dierbre den hjar dagen  
In in platte heidewent,  
Under 't skaed fen flearehagen,  
Unbikend en ūnbimind?  
Ja, der ha de ljuwe in stille  
Rest, dy 't sels gjin kening het.  
Mar in ūnforsteurde wille  
Wennet hjir op ierde net.

## 4.

Och, hwet foardeel het de menske  
Den fen alles hwet er döcht?  
Hwet er fielt en hwet er winske,  
Is dat alles om 'e nächt?  
Het er sìn forstan en rede  
Mar for 't ierdsk geskrep to lien?  
Wirdt sìn toarst nei sielefrede  
Den to ninter tiid foldien?

## 5.

Ja, mìn siele, lit ús hoopje.  
Mei dit libben ūnder gean  
En de tiid hjir alles sloopje,  
Al hwet is dat bljuwt bistean.  
Scoe ús net in libben wachtsje,  
Better as dit slaefsk gepiel,  
Mei de rest der 't wy nei smachtsje?  
Ja, fortrou der op, mìn siel.

# DE STANFRIES.

*Kreftich.*

Wilhelmus Smits.

The musical score consists of six staves of music in common time, featuring a treble clef and a key signature of one flat. The lyrics are written in Dutch and are as follows:

„De Frie - sen dy knielje al - len-ne for God,” Sei  
ea-ren in drege Stan-fries, O, hjoed-deis-ke Friesen meits  
him net ta spot, En röm-je net in ūs for-  
lies. Hy bûchde gjin knibbels for’n út - lan - ske hear! Wird  
jim - me net út - lansk in tael en me - near. Dat  
foe - get gjin flin - ke, gjin rjucht-aer - de Fries, Dat  
foe - get gjin rjucht - aer - de Fries,

## 2.

Ei, bûgje de hals for de modewet net,  
 Sa wif as de hoanne op 'e toer.  
 Stelie ûs de lossinnige Fransken de wet,  
 Den is 't mei ûs tigens gau oer.  
 Wes net twifelriedich, net skrutel, net heal,  
 As 't wierheid en rjucht jildt; stean fest as in peal.  
 Den giet it, den giet it ûs goed op in dûr.  
 Den giet it ûs goed op in dûr.

## 3.

Dy 't for 't gouden keal him net bûcht en net niicht;  
 In dwaen en in tinken ljeafst fry,  
 Om ginst fen de mensken net krûpt en net liicht,  
 Oukearich fen loftûterey;  
 Dy 't knappens weardearret in ned'rige klean,  
 En hoek haldt, al bljuwt er allenne faek stean,  
 Is Stanfries, is Stanfries en mear yet der by.  
 Is Stanfries en mear yet der by.

## 4.

Dy 't net oan de liedban fen lûdröppers rent;  
 Nei 't idle net jaget as sot;  
 Dy 't alles hwet ljeaflik en goed is bimint,  
 Mei heilige wierheid net spot;  
 Dy 't priis stelt op de eare en de wolfeart fen 't lan,  
 By alles him haldt oan natûr en forstan,  
 Dy knelet, dy knelet allenne for God.  
 Dy knelet allenne for God.

---

In 't jier 1555, do 't keining Filips II oan 't regear kaem, waerd ût eltse provincie in lid fen 't bistjûr nei Brussel ûntbean, om de keining trou to swarren. Dy hearen moasten der foar de keining op 'e knibbels falle en sa hjar eed oulidze. Mar de friske edelman Gemma fen Burmanje woe net knielje. Hy sei: „De Friesen knielje allenne for God,” en hy die sîn eed steande. Hjir fen mat de namme fen Stanfries oukomstich wêze.

---

# DE DEAKLOK.

*Earntsich.*

*mf*

De dea - klok liedt, o sei! Hwa

is der nou wer wei? Dy frjün-lik göl-le

Mi - ke.— Mei blom - men moai for - sierd Het

hja for - li - ne wi - ke yet sün hjar jier - dei

fierd. Het hja for - li - ne wi - ke yet

sün hjar jier - dei fierd.

## 2.

Sa blier as de iere moarn  
 Seach se elk en ien do oan.  
 My tinkt ik hear hjar yette:  
 O! sei se, ho is 't nou?  
 Hwet unk gean ik tomjritte?  
 Min blommen falle al ou.

## 3.

Och, hwa forwachte do,  
 Dat hja forwilje scoe  
 In 't beste fen hjar dagen?  
 Dy moaye jonge blom  
 Wirdt nou nei 't tsjerkhof dragen  
 By trurich klokgebrom.

## 4.

Hja kipe sterk en sún  
 Fol wille in 't libben rún.  
 Hwet ken 't al hird forkeare  
 In disse unwisse wrald.  
 Dy faem, by elk in eare,  
 Leit nou der bleek en kald.

## 5.

Ja, sa foroaret gau  
 Faek wille en lök in rou.  
 Jk scil hjar grefskrift lèze  
 Om diss' tiid, jier op jier.—  
 Mar scil 'k hjir den yet wêze?  
 Och, hwa wit dat for wier?

---

# Sangkje for Frygesellen.

*Fluch.*

The musical score consists of four staves of music. The lyrics are written below each staff:

In fry - e sin, in flin - ke moed Döcht  
 im - men in dit lib - ben goed; Mei hwet riks-  
 daelders in 'e bûs, Den is de he - le wrald yens  
 thûs. Den is de he - le wrald yens thûs.

2.

In fleurich sangkje jimmerwei,  
 De tsjust're sorgen ât è wei,  
 Hjoed tichte by en moarn wer fier,  
 Soms fjild of bosk ta nachtketier.

3.

In gleske bier of goede wîn,  
 In praetsje soms mei Truike of Trûn;  
 Sa komme wy mei eare en glans  
 Swiet wei û libbenspaedsje lans.

# Liet ta lof fen Frislan.

*Net to hird.*

The musical score consists of five staves of music in common time (indicated by 'C'). The key signature is not explicitly shown but appears to be A major (no sharps or flats). The first staff begins with a dynamic 'mf'. The lyrics are in Dutch and are repeated across the staves. The music features various note values including eighth and sixteenth notes, with rests and slurs. The vocal line is supported by a harmonic bass line.

O, Frislan, sa for - neamd as ald ! Mei 't oa-ren neatich  
 ski - - ne, Hwer scil men op 'e wî-de wrald hast  
 bet - ter plak - je fi - ne? Mei 'n oan - tal dor - pen  
 flink in steat, Mei al - ve stêd-den lits en  
 great; Mei fet - te bou en grei - de, Mei  
 bos - ken, fean en hei - de.

## 2.

Wirdt earne op sa'n lits hoekjen grûn  
 En in sa'n litse krite  
 Oan sa'n bult mensken oanslach jown?  
 Den woe 'k it wol ris wite,  
 Hwer 't alles jimmer skrept en pielt  
 En elk him sa gelôkkich fielt  
 In 't jimmer warber bljuwen,  
 As hîr in ûs landouen.

## 3.

Hwer is men sa folmakke fry  
 In tinken en in sidsen?  
 Hwer slaget minst de dompery  
 Om 't swyen op to lidsen?  
 Hwer stelt men op goed onderwiis  
 En folksforljochting heger priis  
 As in de tierige oarden  
 Fen 't Nederlanske Noarden?

## 4.

Hjir is for elk, hwa 't wêze mei,  
 It nedige to kryen.  
 Hjir slint gjin earmoed mensken wei  
 Tröch 't freeslik hûngerlyen.  
 Sels mannich út de frjemdte komt  
 Om deel to habben aan ûs rûmt  
 En grote fryicheden  
 In godstsjinst en in seden.

## 5

Oeral, — dat hab ik foar 't forstan, —  
 Is goeds, hwa wit hofölle?  
 In Dûtsklan, Frankrik, Engelan  
 Scoe 'k graech ris kipje wolle.  
 Mar dat 'k my sa der fiele scoe,  
 Dat 'k graech der altiid wêze woc,  
 Der wol ik neat fen leauwe.  
 Min plak mat Frisland bljuwe.

## 6.

Hwet menskesnoadens of natür  
 Us jowt t' oanskôgjen earne,  
 Sa'n fryheid, ânder goed bistjûr,  
 As hjir bistiet, leau'k, nearne.  
 En goede fryheid is op 't lest  
 Fen alle goeds it allerbest.  
 Dat erfskip fen ús alden  
 Dat siikje wy to halden.

# DE SÍKE MEI.

*Stadich.*

The musical score consists of four staves of music in common time (indicated by '6') and G clef. The lyrics are in Dutch and are repeated three times across the staves. The first staff starts with a dynamic 'p'.

Min soan, kaemst nou mar wer oan lân, Dat  
 ik dy yet ris spriek. De dead dy haldt op  
 my de han, Ik ben sa bitt're siik. De  
 dead dy haldt op my de han, ik  
 ben sa bitt' - re siik.

## 2.

Hofölle jierren is 't nou al,  
 Dat ik dy misse mat?  
 Och, kaemst nou oan 'e feste wal,  
 Der foel me 'n stien fen 't hert.

## 3.

Dim memme herte folge dy,  
 Sintst ouskie fen my naemst,  
 Oeral op sé, en 'k treaste my,  
 Datst gau wer by my kaemst.

## 4.

'k Ben lange jierren dildich bljuwn.  
 Min hope waerd net flau.  
 En lange jierren hab ik leaun,  
 Nou komt er stellich gau.


## 5.

Nou ben ik ald en swak en min,  
 Min ein is net mear fier.  
 Hwa wit as 'k moarn hjir yette ben?  
 Och, dat min soan hjir wier.

## 6.

Min Hindrik! och, din memmehert  
 Het sa'n forlangst nei dy.  
 Och, kom doch gau, oars nípt de smert  
 En de eangst to bjuster my.

## SEL SKIPS-LIET.

*Los.*

## 2.

Wes fleurich, goe frjûnen, lit los nou de tonge.  
 Wy matte ris hertlik in feestlietsje sjonge.  
 Dat is for in hele boel skeel 'ommers goed;  
 't Forheldert de sinnen en 't suvert it bloed.

## 3.

Lit dompers mar grine, lit dwersdrjuwers tsiere;  
 Lit oaren in tsjustere saken omriere.  
 Dat makket de mensken swartgallieh en kald  
 For 't goede en it moaye en it swiet fen 'e wrald.

## 4.

Wy matte alle dagen safölle biskreppe,  
 For 'n hopen bilangen ūs warre en ūs reppe.  
 Nou ben wy ris efkes fen 't kjetting en fry;  
 Nou jowt ūs in sangkje wer moed op 'e ny.

## 5.

Der 't songen wirdt ken men net fel hersenskrabje,  
 Der ken' se net kibje, net kweasprekke en rabje.  
 Der 't songen wirdt döcht men ek nimmen gjin skea,  
 Derom mei foarsiker in sangkje gjin kwea.

## 6.

En derom goe frjûnen, lit fleurich ūs sjonge.  
 Helje op mar mei oandrang, lit los mar de tonge.  
 Dat past goede, mensken, hwent haters fen sang  
 Ben haters fen 't goede, dat witte we al lang.

# Winterjün.

*Fleurich.*

*Moritz.*



It lampke-is op, it fjûr stietoan; It is hjir ti - ge




waerm en skoan, De doarren ben-ne slet - -



ten. Nou stiet it jün - miel for ûs klear. Wy



krû-pe strak op 't seaf-te fear; Sa ken gjin kjeld ûs



let - - - - te.

## 2.

Wy prate smout oer ald en ny  
En habbe soms der grapkes by.

Sa fleane de ûren hinne.

Wy habbe sündheid, wille en tier,  
En kenne, al ha wy 't wol ris swier,

It nedige yet winne.

## 3.

Wy ha gjin hûs unbîdich great,  
Wy witte fen gjin pronk of steat,

Mar net in ding ûntbrekt ûs.

De wolle fen ûs eigen skiep  
Forwaermet nachts ûs in 'e sliep;  
Sels oanret linnen dekt ûs.

## 4.

Hwet benne in bîtsje sorgen den?  
It past gjin flink forstannich man  
Mismoedich dy to dragen.

Foroaring jowt ûs wille en moed.  
Len blîde jûn forpoast de noed  
Fen fôlle drokke dagen.

## 5.

Jawol! hy het in streek foarût,  
Dy 't restich doar en fensters slût  
As hirde winen gûle.  
En dy, as 't winters, snyt en döcht,  
By 't waerme fjûr en lampeljocht  
Sit in sin went forskûle.

---

# FREDESANG.

*Fleurich.*

The musical score consists of five staves of music in G clef, 3/4 time. The lyrics are written below each staff, corresponding to the notes. The music features a mix of eighth and sixteenth notes, with some rests and dynamic markings like 'p' (piano). The lyrics are in Dutch and describe a scene of conflict and death.

De great - ste se - - gen for in  
 lan Is dat der fre - - - de bljuwt,  
 As elk in sin bi - - röp en  
 stan Sin sa - ken res - - - tich drjuwt:  
 Der skint de foar - - - spoed-  
 sin - ne blier, Der sjucht men oer - - al



## 2.

Foarûtgong komt der jimmer mear.  
Neat stiet hjar in 'e wei.  
En handwirksman en boer en hear  
Helpelkoar der ta mei.  
De wittenskip ântjowt hjar fry,  
En draecht ek ta de wolfeart by,  
Oeral, oeral, oeral.

## 3.

Den wit men fen gjin bange frees,  
Om 't me oeral feilich is.  
Den benn' de widdou en de wees  
Fry fen bikommernis;  
Om 't rjuchtlikheid en menskemin  
For de unskild jimmer weitse ken  
Mei kreft, mei kreft, mei kreft.

## 4.

De krichsman dy, as 't wêze mat,  
For rjucht en frydom fjucht  
En as in flinke helt him wart,  
Fortsjinnet tank mei rjucht.  
Mar dy 't, fen de oarlochspleage bang,  
For frede skeupt om 't folksbilang,  
Is mear, is mear, is mear.

## 5.

Wy habbe in tsjinnichheid in bloed  
En menskefjuchtry.  
In Foarst, dy 't der ûs for bihoedt,  
Forearje en achtsje wy.  
Hald, Willem! mar de frede in stan,  
Den benn' de Friesen op jou han,  
Aloan, aloan, aloan.

# SIMMERSANGKJE

## FOR DE BERN.

*Fluch.*



## 2.

Hwa winsket nou, hwa winsket nou  
 To sitten binnen doar?  
 It simmersintsje skînt sa blier  
 En alles is fol fleur en tier,  
 En giet ïn wille ûs foar.

## 3.

Né gau der út, né gau der út!  
 Op 't fjild is hwet to sjen.  
 De boeren skreppe der ïn 't hea,  
 De wirkman rept sîn sûne lea  
 Mei flit for wiif en bern.

## 4.

't Is libbens-tier, 't is libbenstier  
 Hwet ûs tomjritte blinkt.  
 Op 't lan, ïn 't wetter, ïn de löft  
 Is 't kleare bare wille en nocht,  
 It dertelt, sjongt en springt.

## 5.

Wy dögge mei, wy dögge mei  
 En springe bliid ïn 't rûn.  
 Wy rolje ïn 't griene gers ûs om,  
 Den wirdt it ûs om 't hert sa rûm,  
 Dat makket sterk en sûn.

---

# MEMMELJEAFDE.

*Net hird.*

Mem - me - ljeaf-de is heech - ste ljeaf-de, Memme  
 smert de heech-ste smert, As neatheechs to wrald mear  
 bleau-de, Yet - te bleaude er't mem-me - hert. As neat  
 heechs to wrald mear bleaude, Yet-te bleaude er't memme hert.

2.

Hwet de tiidstream oait fornielde,  
 Hwet foroarje of wîkje mei;  
 Hwet hjir de earste mem al fielde  
 Fielt in mem yet hjoed de dei.

3.

As de sé sa djip fen grûnen,  
 Ek sa fol en ek sa wiid,  
 Is gjin lest fen tûsnen pûnen  
 Hjar to swier, to hird gjin striid.

## 4.

Fjür noch wetter scil se mye  
 Oermacht noch gewelt üntsjen.  
 Alles scil se dildsje en lye  
 For hjar greateste skat, hjar bern.

## By 't Skieden fen in Selskip.

Les en fleurich.

Nou matt' wy wer nei hûs, Der kommt al -tiid in

ein op 't lest, Al ha wy hjir mei wil-le west En

nocht hawn by de rûs. Wy gean mar,

hwent der is gjin oa-re kar; Al ha wy hjir mei

wil - le west En nöcht hawn, o, sa best.

## 2.

De tiid forfeelde ūs net,  
 It waerd ūs al to haestich let.  
 Ik tink dat elk, as 't lye koe,  
 Yet graech hwet bljuwe woe.

Wy gean mar,  
 Hwent der is gjin oare kar;  
 Al ha wy huir mei wille west  
 En nocht hawn, o sa best.

## 3.

Wy tinke lang huirnei  
 Yet graech om disse blide dei,  
 Dy 't elk sa rjucht plesierich fun  
 En tige moai forroan.

Wy gean mar,  
 Hwent der is gjin oare kar;  
 Al ha wy huir mei wille west  
 En nocht hawn, o sa best.

## 4.

Nou frjûnen, nou farwol!  
 Hald trou mei al hwet goed is fol.  
 Wy sjugge sa wis allegier  
 Elkoarren graech ris wer.

Wy gean mar,  
 Hwent der is gjin oare kar;  
 Al ha wy huir mei wille west  
 En nocht hawn, o sa best.